



SNEIN-DEI BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE Wurdum Fr e.o.

Snein 17 maaie 2009

Tsjinst fan de tarieding

Yn it drompelgebed sizze wy dat der in soad slimme dingen barre yn ús wrâld en yn ús eigen libben. "Wy freegje God, hoe sit it mei Jo almacht, mei Jo goedheid? Ferjou ús dizze fragen en twifels, Hear, ûntfermje Jo oer ús."

Berneneventsjiinst

Twa bern geane mei nei de berneneventsjiinst. Hja krije it ljochtsje en de bernebibel mei.

Tsjinst fan de skriften

1^e lêzing: Joh. 9: 1-25. De lêzing giet oer in blinde man dy't sjen kin. Sintraal hjiryn stiet de fraach wa't skuld hie oan de blindens, dy man of syn âldens.

Preek:

De preek giet oer it dilemma fan Gods almacht en Gods goedheid. Hoe moatte wy oan mei al de slimme dingen dy't wy yn de wrâld sjogge of sels meimeitsje? Guon minsken, dy't konfrontearre wurde mei ellinde, keare harren ôf fan God en de tsjerke. God is dochs almachtich, wêrom lit hy sokke dingen dan ta? As God "goedheid" is, hoe kin dat dan? Troch de tiid hinne binne der faak trije klassike antwurden jûn:

- der is sprake fan skuld of sûnde;
- God wol ús in boadskip jaan;
- wy begripe Gods bedoelings net.

Ds. Wagenaar fynt alle 3 antwurden ûnbefredigjend. It probleem by dizze antwurden is it tinken, dat God alles regelje soe wat op ierde bart. Sa tinke oer God is net bibelsk. Yn dy fisy ommers soe alle slimmens fan God



komme: "God hat it sa wollen." As ds. Wagenaar in rjochting oanjaan mei soe hy sizze wolle, dat God of Jezus by slimme foarfallen net freget, hoe't dingen komme, mar dat minsken in nije wei wiisd wurdt, in nije takomst. Jezus is meast by earme, sike minsken, Hy socht net nei it wêrom fan dy sitewaasje, mar joech harren in nije takomst, dêr draait it om. Hy wol hiel meitsje. It begryp "Almacht" moat oars ynfolle wurde as dat by ús gebrûklik is; wy tinke dêrby oan it útoefenjen fan macht. "Almacht" is by God ferfolle mei leafde. God is almachtich yn syn leafde, dêr kin Hy bergen yn fersette. De God fan de Bibel hat net de macht om in ein oan dingen te meitsjen, Hy is der lykwols wol altyd by.

Bern werom fan de berneneventsjiinst

De bern fan de berneneventsjiinst komme werom mei in blyndoek foar de eagen. Ek hja hawwe it hân oer de blinde man dy't wer sjen koe.



Tsjinst fan it dielen

1^e Kollekte: Diakonij

2^e Kollekte: Tsjerke

Tankgebed- foarbeden- stil gebed.

Yn de tank- en foarbeden wurdt oandacht frege foar de need yn de wrâld, ús gemeente en yn ússels. Nei it stil gebed bidde wy tegearre it Us Heit yn de Himmel.

Blommen



De blommen gyngen
nei de
famylje Siep de Jong,
Tsaerderdyk.

It blomstik wie makke
troch: Neeltje
Hellinga.

Meiwurkers

Foargonger: ds. H.T. Wagenaar
Koster: Jannie Smids
Alderling fan tsjinst: Koosje Reitsma
Alderling: Arie Dol
Bernetsjinst: Sytske Visser
Organist: Klaske Deinum

